


T ONTO
MUNDO



Dit boek is skreaun foar it LêsNo-projekt, in lêsbefoarderingsprojekt foar learlingen yn de ûnderbou fan it fuortset ûnderwiis. Realisaasje is mooglik makke troch Fers, yn gearwurking mei it Cedin, de Afûk en mei stipe fan de Stichting Lezen en de provinsje Fryslân. Dizze edysje is útjûn troch Elikser.

provinsje fryslân
provincie fryslân 

TONTO MUNDO

© 2025 Utjouwerij Elikser, Ossekop 4, 8911 LE Ljouwert

skriuwer Hilda Talsma
korreksje Ytsje Steen
kollaazjes en foarmjouwing vogelsang grafisch ontwerp
AR-hynder Durk MeAR Media


ISBN 978 94 6365 704 4
NUR 284

Neat út dizze útjefte mei hoe dan ek fermannichfâldige wurde sûnder dat dêr skriftlike tastimming fan de útjouwer oan foarôfgiet.

www.elikser.nl

TONT
MUNDO

HILDA TALSMA



VAGJENNY



'IK HA ECHT
IN SICK IDEE!'



'IK WURD GJIN
KANTOARPIK
LYKAS HEIT!'



1

Duco

Duco komt thús mei in sin as in baarch. Hy smyt de fyts tsjin it hok en skopt loeihurd tsjin syn fuotbal oan, krekt op it momint dat mem nei bûten stapt mei de waskkoer. De bal rekket de koer, dy't omheechsjit tsjin har holle, en se stuiteret achteroer. Mei in lûde gjalp ploft se op it paad del, bedobbe ûnder de skjinne, wiete, wite wask.

'Fuck! ...,' sizet Duco wylst ferskate doemsenario's en preken fan syn âlden him troch de holle sjitte.

Mem komt foarsichtich oerein en Duco suchtet ferromme ... oant er sjocht dat de wask net mear sa wyt is, mar hjir en dêr fjoerread kleuret. Hy draaft nei har ta en krijt in wiet T-shirt om har bloednoas te stjelpen.

'Sorry,' bromt er wylst er de rest fan de wask wer yn 'e koer smyt. 'Moat ik mem hielendal oerein lûke of wol mem noch efkes sitten bliuwe?'



EN WAT
FYNT DURK
HJIR FAN?!
GAU SCANNE...

Se skodhollet allinnich mar en mei it shirt foar de snút wapperet se wyld mei har linkerhân. Duco begrypt de hint en ferslein rint er mei de waskkoer ûnder de earm yn 'e hûs. Hy triuwet de brot mar wer yn de lege waskmasine en dêrnei luorket er troch it rût. Mem skarrelet rjochting de bykeuken en Duco naait gau út nei syn sliepkeamer. Mei opstutsen earen leit er op bêd te wachtsjen oant mem boas de trep op stoot, mar dat bart net. Soe se in harsenskodding ha? Of in brutsen noas? Hy woe wol dat er de tiid weromdraaie koe. Swier suchtjend lûkt er it dekbêd oer him hinne. Yn it stille tsjuster fielt er him gelokkich alwer wat rêstiger wurden en de boaze bûtenwrâld ferdwynt stadichoan nei de achtergrûn. Hy gappet djip en syn eagen wurde swier. As er him dêroan oerjout en de eagen slút, skuort mem it dekbêd wer fan him ôf.

Mei de hannen yn 'e side en in tsjokke reade noas stiet se foar syn bêd en sjit mei har eagen freegjende fjoerpylken op him ôf. Hy kin wol riede wat der komme sil, mar hy hat it der sels nei makke en is allang bliid dat se der wer sa monter by stiet.

'Ferdoary Duco, wat mankearret dy dochs? Komst alle dagen boas fan 't bêd, komst boas út skoalle en skopst tsjin alles oan wat dy foar de fuotten leit! Mar dat dochst mar op it fuotbalfjild, net hjir! Idioat! Myn noas hie wol brutsen wêze kinnen!'

'Sorry! Dat wie echt net myn bedoeling, ik wist dochs ek net dat mem der krekt op dat momint oankaam? It wie oars wol in strak skot ... docht it noch sear?'

'In strak skot? Werklik?! Ik tink dat my dy opmerking noch it measte sear docht! It wurdt heech tiid datst dy werris wat opskerpest en dat dyn sifers better wurde! Se binne op skoalle ek net bepaald bliid mei dy. Ik krige niis in mail ... hast wer spibele?'

Duco hat drekt it smoar yn. Fansels hat er spibele en hy wie net de iennichste!

'Ik ha spibele, ja! Hjoed hiene we wér trije tuskenoeren en dan hingje we mar wat om, allinnich mar foar in oerke skiednisles, dêr't we dan faak ien of oare domme film sjogge. Oer de Amerikaanske boargeroarloch of sa! Wat kin my dat skele! Ik gean leaver oan 't wurk by omke Johan, dan lear ik teminsten echt wat én kin ik jild fertsjinje!'

'Wêrom hiene jim no alwer safolle tusken-oeren, dan?' freget mem.

'Wit ik folle! Kutsoai!'

'Net sa'n grutte mûle!'

'Mem seit oars gewoan "idioat" tsjin my!'

'Ja ... mar ik wie dan ek goed skrokken en ik ha noch pineholle! Ik fûn dyn gedrach idioat, dy net. Dat heart alwer hiel oars. ... Kom, ik ha fan 'e moarn in cake bakt en mei in bakje tee derby bekomt de grutste skrik wol wer wat.'

Duco slofket achter har oan by de trep del nei de keuken, dêr't mem in flink stik cake op in pântsje foar him delset. Hy nimt in hap en dat smakket goed. 'Lekker,' mompelet er mei de mûle fol.

'Moai sa!' Wylst se de teepûdsjes hinne en wer slingeret, nimt Duco noch gau in hap fan de cake.

'Wat is jouw leukste eigenschap?' seit mem wylst se ek sitten giet en de tee foar him delset.

Duco makket bolle wangen en wiist nei syn mûle om oan te tsjuten dat er no echt net prate kin. Se stelt him de lêste tiid gauris fan dy stomme fragen dy't op 'e teepûdjies stean. Freeslik fynt er dat. Mar hy moat dochs in kear de cake trochslokke en dan freget se it wer.

'Dat ik hiel goed timmerje kin! En dat ik wit dat ik by omke Johan yn 'e saak wol.'

'Duco, hjir ha we it al sa faak oer hân! Mei dyn kwaliteiten kinst folle mear as timmerman wurde. Meitsje no earst de havo mar ôf, dêrnei kinst elke oplieding útsykje dy'tst mar wolst.'

'Mem ... ik ha al hiel faak sein wat ik wurde wol! Ik ha neat te sykjen op de havo en ik wurd gjin kantoarpik lykas heit en ék gjin fysioterapeut lykas mem. Ik gean leaver fan skoalle ôf! Ik ha skjinn myn nocht en ik lear dêr ek hielendal neat!'

Mem lit ferslein de holle hingje. 'Do bist fyftjin jier, do kinst net samar ophâlde mei skoalle en op in vmbo hast ek neat te sykjen.



**'DAT IK
HIEL GOED
TIMMERJE
KIN!'**

Do hast in goede kop, Duco! Brûk dy no in kear! Ik tink dochs dat it ferstannich is om in kear mei sa'n bernecoach te praten, want ik wit sa stadichoan net mear hoe't ik dy berikke kin. Of oars mar om ferkearing út, miskien helpt dat!

Duco komt oerein en sûnder wat werom te sizzen giet er nei syn gamekeamer, dêr't er op 'e bank delploft. Wêrom begripe dy minsken no net dat er krekt op sa'n stomme skoalle net by syn kop komme kin? Hy hat wol deeglik yn 'e holle wat er wol! Op it boubedriuw binne se sa wiis mei him! Hy kin goed rekkenje, goed mei klanten omgean, goed timmerje en hy wurdt der ek noch gelokkich fan. Wat is dêr sa dreech oan? Dêr hat er echt net ien of oare stomme coach foar nedich en op ferkearing sit er hielendal net te wachtsjen! Dan hat er noch mear geseur oan 'e kop. Hy sjocht nei de hoeke dêr't froeger de selsmakke stjelp stie dy't er fan omke Johan op 'e jierdei krigen hat doe't er acht jier waard. De gamekeamer wie doe syn boarterskeamer en hy freget him noch regelmjittich ôf wêr't dy pleats bedarre is ... it moaiste jierdeikado dat er oait krigen hat! Hy wie dêr sa wiis mei, mar op in dei wie de pleats fuort. Syn frustraasjemeteter sjit drekt wer yn it read en hy is bliid dat er jûn fuotbaltraining hat mei syn maten. Efkes de sinnen fersette en loeihurd tsjin in bal oan skoppe jout him mear foldwaning as it geseur fan skoalle en syn mem oan te hearren.

As er jûns wurch fan de swiere training op bêd leit en hast sliept, steane syn âlden ynienen neist syn bêd.

'Duco, wy moatte mei dy prate,' seit heit.

Duco knipt syn bêdlampke oan. Heit sjocht der wurch út en it liket wol oft mem gûld hat.

'We ha de hiele jûn belle en we ha regele datst moarn en freed net nei skoalle hoechst ...'

Duco fearret oerein.

'... Wy ha in soarte fan staaazjeplak foar dy regele,' giet heit fierder en Duco lit himsels wer op bêd falle. Hy docht it lampke út en lûkt it dekbêd oer de holle.

Mem lûkt it dekbêd wer fan him ôf. 'Do giest moarnier nei it nije opfangsintrum foar bisten, krekt bûten Ljouwert. Dy frou hat in

timmerman nedich. Kinst it besjen as in maatskiplike staaize en sadwaande wer wat by dyn positiven komme, miskien.'

'Ik ha hielendal gjin doel oer bisten!' prottelet Duco.

'Mar kinst wol timmerje, dochts?!' seit heit boas. 'Moarn om acht oere bist by it opfangsintrum en dêr is 't mei út!'



EN WAT HAT
DURK DER OER
TE SIZZEN?!
GAU SCANNE...

Olivia

'Sjoch, dêr ha we dy lytse nachofretter ek wer mei har tonto Dot Art. Silst ek nochris fatsoenlike keunst meitsje? Sa as graffity? Dat is teminsten echt fet ... lykas do!' ropt Jenny as Olivia by it gibeljende groepke del rint op it skoalplein. Jenny goait har lange blonde hier eigenwiis oer it skouder en Olivia stekt de middelfinger nei har op.

Anna heakket de earm yn dy fan har freondinne. 'Net op reagearje, Olivia. Se is gewoan jaloersk omdatsto in tsien hiest op dyn wurkstik en sy mar in seis, wylst hár mem keunstschilder is. En ik fyn Dot Art moaier as graffity!'

'Tankjewol, Anna. Dat is leaf. Mar ik haatsje dy kut op stelten mei har grutte bek! Ik ha har noait wat misdien, mar se makket my al wiken it libben soer!'